

Orpah

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 647 4

1e printinge: 2024

© 2024, Ben Hogeterp

Utgjowerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# Orpah

*In Iersk-Fryske roman*

Ben Hogeterp





## Ynhâld

|                                         |     |
|-----------------------------------------|-----|
| 1. Marwei 2a - july 1997                | 7   |
| 2. De oanfal - augustus 1997            | 20  |
| 3. Resjersjeur Dykstra - augustus 1997  | 29  |
| 4. Famylje Flynn - oktober 1997         | 42  |
| 5. De rjochtsaak - 10 desimber 1997     | 49  |
| 6. Lower Sky Road - 10-12 desimber 1997 | 61  |
| 7. De twilling - 13 desimber 1997       | 74  |
| 8. Maureen - 7 maart 1998               | 80  |
| 9. Collin - april 1998                  | 88  |
| 10. Sjoerd - maaie/juny 1998            | 95  |
| 11. Bouwe - july 1998                   | 103 |
| 12. Bernice - 28-31 augustus 1998       | 114 |
| 13. Omke Ryan - 2 en 3 septimber 1998   | 123 |
| 14. Orpah - 3 septimber 1998            | 135 |
| 15. Aymon - augustus 1999               | 143 |
| Tankwurd                                | 148 |
| Einnoaten                               | 149 |



July 1997

Maud makke har foarsichtich los út de omearming fan Sjoerd. Se draaide har om, gong mei de rêch tsjin him oan stean en lei har holle tsjin syn skouder. Sjoerd drukte in tút op har foarholle.

‘Ik wol sa net langer, Sjoerd,’ sei se sêft. ‘En it kin sa ek net langer.’

‘Hm.’ Hy wist wat se bedoelde. It wie net allinne har soarchfâldich geheimholden relaasje, mar benammen ek Bouwe, de man dêr’t se no sa’n trijeenjinheal jier mei gearwenne.

Tegearre seagen se út op it lân dat foar harren lei, oan de râne fan Snits. It romme hûs fan Sjoerd hie de nedige jierren trochstien. Goed dat it frijstie fanwegen syn pianolessen oan hûs.

It wie waarm. De sinne stie noch frij heech oan ’e himel en liet syn glânzjend ljocht falle op ’e griene krite foar har.

‘Mar...’ begûn Sjoerd.

‘Ik wol net fierder mei him!’ Se spriek it op de fêste toan út, dy’t er sa goed fan har koe.

‘En dan alle jûnen dat sûpen. Ik ha dy dochs ferteld dat it ferline wike net folle skeeld hie of hy hie my in klap ferkocht? In klap!’

‘Ja, dat hast ferteld. Do moatst yndied by dy man wei.’

‘Hy soe my derom fermoardzje kinne, tink ik,’ sei se.

‘Dan seist neat en ferlitst him dochs gewoan?’ Der foel in koarte stilte.

‘Dat soe de twadde kear wurde dat in frou by him weirint.’

‘It seit mear oer him as oer dy froulju, leave.’ Maud swijde.  
‘Do bist sa leaf. Do bist sa oars,’ flústere se. ‘Ik hâld fan dy.’  
‘Ik hâld ek fan dy.’

Se tuten elkoar. Hy drukte him deun tsjin har oan, streakte har troch har donkerbrún hier en tocht efkes oan mear. Mar dat kaam der hjoed net fan. Opnij makke Maud har los fan him en seach him djip yn ‘e eagen. Har eagen dy’t er sa goed koe en dy’t him fan it momint ôf dat er har moete hie, al betovere hiene. Har donkere pupillen koene gefoelens, ja hy tocht sels gedachten, oerbringe sûnder ek mar in wurd te sizzen.

‘Mar as ik by him weigean, dan geane wy tegearre fierder dochs?’

‘Fansels!’

‘Wêr’t ik ek hinne gean soe?’

‘Wêr’t st ek mar hinne gean soest.’

‘Ek as ik nei myn eigen lân werom gean soe?’

‘Ek dan!’

Se hiene dit punt al faker oanroerd. Mar noch nea sa eksplisyt as no.

‘Sjoerd...’ De wat ûnwisse toan ûntgie him net.

‘Ik ha lêsten earne in kofferke delset, mei wat toiletspullen, jild en ekstra klean en sa...’

‘Ja?’

‘No gewoan, foar it gefal dat ik ynienen útnaaie moat...’

‘Flechtsje bedoelste?’

‘Soks ja.’ Se lake justjes, mar wie fuort dêrnei wer ernstich.

‘It giet echt net mear, Sjoerd...’

‘Hm.’

Soe er har begripe? Soe er der noasje fan hawwe wat him dêr yn dat oare hûs, oan de Snitsermar, ôfspile? De lytse drama’s dy’t har dêr foardiene? Se seach him wer oan.



‘Ik kin op dy rekkenje, hin?’

‘Dat witst dochs? Kinst altyd op my rekkenje.’ De slanke pianolearaar, mei syn betize hier en brune eagen seach har leafdefol oan en lei in earm om har skouder.

‘Ast my nedich hast, dan skillest mar. Op dyn moaie mobyltsje fansels.’

‘Sil ik dwaan. Mar ik moat noch altyd oan it bjusterbaarlike dinkje wenne.’ Se fûn it in wûnder fan technyk en hie, doe’t se it apparaatsje krigen hie, der even oan rûkt. Dat wie in wat eigenaardige gewoante fan har, dy’t se soms, by it krijen fan nije dingen, fan jongs ôf oan al die.

Sjoerd wie hielendal wei fan al dy nije ûntwikkelingen. Hy woe ek in kompjûter keapje. It sei Maud allegearre neat, ek al hie se der fansels wol oer lêzen en wie se bêst nijsgjirrich wat sa’n ding taheakje soe oan it deistich bestean.

Efkes stiene se deun tsjininoar oan. Doe makke se har los, rûn troch de iepensteande terrasdoar nei binnen, stoppe har lesboek yn ’e tas, naam har jaske ûnder de earm en rûn wer nei bûten. Se tuten inoar noch in kear hertstochtlik, wêrnei’t se resolút op har autootsje ôfstapte.

Under de koarte rit fan Sjoerd syn hûs ôf nei de Mardyk, tocht se nei oer de moeting fan niiskrekt. Doe parkearde se har Panda op it romme hiem, njonken de ‘Snoekebek’ fan Bouwe. Dy wie wol tweintich jier âld. De auto fertoande op trije fan de fjouwer spatbuorden rustplakken, mar Bouwe wie der de man net nei om him dêr wat fan oan te lûken. ‘In auto is no ien kear in ding om te brûken,’ sei er altyd.

Maud rûn nei de sydyngong fan de wenning. It hie yn eardere tiden sûnder mis in moai hûs west. De bûtenmuorren wiene opboud út frij glêde, reade stien en de kezingen fan de ruten oan de foarkant en de kajút wiene wyt. Jierren lyn faaks

blinkend en helder wyt, no dof en ferware, want de tiidgeast hie oeral flink oan de wenning krabbele. It hie Bouwe blykber net deard, heechút dat er sels it meast nedige ûnderhâld dien hie en hjir en dêr mei de fervekwast lâns west hie.

‘Do bist let,’ sei Bouwe, dy’t krekt nei bûten kaam en har even ferwitend oanseach. Maud antwurde net en rûn nei binnen, de romme hal yn. Rjochts wie de moaie ikehouten trep omheech, dêr’t twa romme sliepkeamers wiene. De tiid dat er - as se deryn kaam - ynformearre nei har wurk yn it sikehûs of nei de pianolessen, wie al lang foarby. Foarige moanne, doe’t se in liet oefene op de piano, hie er wol skamper opmurken dat se noch net echt folle foarderingen makke hie by ‘dy pianoman’ yn Offenwier.

‘Goed spylje is dreech. En ik lear net sa maklik mear,’ hie se antwurde. Hy hie neffens har net de flauste noasje hân fan de wiere reden wêrom’t it net opskeat mei har pianospyljen. Maud wie de L-foarmige wenkeamer ynrûn en rûn rjochttroch nei de keuken. Yn it begjin hie se oppere om de doar en it koarte stik muorre derwei brekke te litten, om der in min ofte mear iepen keuken fan te meitsjen. Mar Bouwe hie it dêr lang net mei iens west. ‘Gjin bakluchtsjes yn ’e keamer,’ hie er antwurde.

Maud begun mei de tariedings foar it waarm miel foar aansten en ek al fêst foar moarn. Dan hie se wykeintsjinst. Se sette it keukensrút sa fier mooglik iepen, want it wie waarm. Bouwe soe nei alle gedachten dwaande wêze yn ’e skuorre. ‘Wurkplak,’ neamde hy it steefêst. Mar ek dat wie fergiene gloarje. Sûnt er in baan by de skipswerf yn Terherne krigen hie, wiene de masines en attributen yn de skuorre hieltyd mear yn ferfal rekke. Bouwes’ aktiviteit yn de skuorre bestie út net mear as wat reparaasjes fan saken dy’t er krige fan freonen en kunde. Soms wie it in stikken ûnderdiel, soms in

âlde bûtenboardmotor. In inkelde kear sels in lekke roeiboat.  
Bouwe wie dêr tûk yn en rêde him dermeil  
'In bytsje piele,' neamde er it.

It waarm miel ferrûn lykas de measte oare de lêste tiid.  
Maud hie karbonades bakt, ierappels en sparrebeane sean.  
Dêr hâlde Bouwe fan. Hy hie der neat fan sein en Maud  
besocht mei wat opmerkingen oer har wurk op de ôfdieling  
de sfear net al te swier te meitsjen. Bouwe seach, al kôgjend,  
in momint ta it rût út, dat útsjoch bea op 'e Snitsermar. Ea  
hie se dit in idyllysk plakje fûn, wei fan alles, in the middle  
of nowhere. It die har faak tinken oan har âlderlik hûs, mei  
útsjoch op de baai fan Clifden. Ek de wenning hie se prachtich  
fûn, folle better as je fan in allinnichsteande man ferwachtsje  
soene. De iepen hurd, oplutsen út griene natuerstien, wie  
moai en smûk en it plafond yn 'e wenkeamer bestie noch út  
âlderwetske balken. Se hie har der fuort thúsfield. Mar ja,  
doe wie se ek sa fereale... Bouwe ûnderbriek har mimering  
troch ynienen de holle nei har ta te draaien.

'Wêrom moatst sa nedich op dyn frije dei ek noch pianoles  
ha?' frege er ynienen, sûnder oanlieding. Hy seach har wat  
erchtinkend oan.

'Dêr ha wy it al earder oer hân, Bouwe. Dy piano stiet hjir  
no ienkear. En as der net op spile wurde kin, is dat skande.  
Dan kinne wy him beter fuortdwaan.'

'Krekt,' sei Bouwe noartsk.

Soe er wat yn 'e gaten hawwe? Soe er it idee ha dat se al lang  
net mear foar de lessen nei Sjoerd gie, alle freedtemiddeis?  
De piano stie der al doe't se by him ynlutsen wie, no rom  
trije jier lyn. Hy hie fan Antsje west, dy't moai aardich spylje  
kinnen hie, hie se begrepen.

Nei iten soe de jûn in foarsisber ferfolch krije, wist se ûnderwilens. Bouwe soe wat oan it 'pielen' gean yn 'e skuorre, syn pypke oan, oant it skimerich wurde soe.

In skoft lyn hie se noch frege oft er no wier alle jûnen nei syn skuorre moast.

'In loaie jager fangt noait wyld, famke,' hie er antwurde. In útdrukking dy't er wol faker brûkte. Se wie der letter nea wer oer begûn. Nei syn ferbliuw yn 'e skuorre soe er yn 'e hûs komme, de telefyzje oansette en Bearenburch drinke. Se hope mar dat it by in pear buorrels bliuwe soe. Mar it wie wol wykein...

As se net hoegde te wurkjen, gie se meastal lêzen, faak yn in boek fan de biblioteek, soms Nederlânsk, soms Ingelsk.

Fia brieven hie se in soad kontakt mei har twillingsuster Maureen. Sy en har man Kylian hiene yntusken twa bern, Finn en Amelia, njoggen en seis jier âld. Doe't se noch by har muoike Alida yn Soest wenne, hie se fansels foto's krigen fan de lytse popkes. De foto's fan de lytse poppen hiene har sear dien, tige sear, mar se gunde it har suster fan herte. En it hiene moaie foto's west, sa fol libbensnocht, leafde en fertrouwen. Se hie geniete fan de skittering yn de eachjes. Soene dizze lytse minskjes aardzje kinne en woartel sjitte yn it Ierlân fan no?

Ek krige se geregeld artikels dy't se nijsgjirrich fûn. En sûnt se yn maaie op har jierdei fan Sjoerd sa'n moderne telefoan krigen hie, skille se út en troch mobyl mei har.

'Dan hasto gjin gedoch mei telefoanrekkens dy't Bouwe net fertrout,' hie Sjoerd sein. Dat skeelde wer yn 'e kosten fan har mienskiplike hústelefoan. Skiljen wie djoer, foaral mobyl. It abonnemint stie dan wol op namme fan Sjoerd, mar se woe him net ûnnedich op hege kosten jeie.

It wie broeierich en folop simmerwaar. Maud rûn nei it

ôfwaskjen nei bûten, stuts de smelle wei oer dy't foar har hûs lâns rûn en joech har del op de bank oan it wetter, mei rom útsjoch op de mar, wat se mei moai waar wol faker die. Bouwe hie hjir in sitsje makke, al lang lyn en in soarte fan oanlisstegerke foar de roeiboat. Se hie eins de boesgroentsjes fan Bouwe noch strike wollen, mar hie dêr no gjin nocht oan.

Se koe it wetter skolperjen hearre en de roeirimen fan it skouke hearde se tsjin de izeren romp klikkebikjen. En op 'e nij giene har gedachten efkes út nei har âldershûs, fier fuort yn Ierlân.

Yn de fierte, oan de oare kant fan de mar, seach se noch krekt de kontoeren fan Snits, benammen fan in pear flats dy't boppe de huzen fan de nijbouwiken útstutsen.

De lêste moannen hie it dêr wer optild fan de sylboaten en motorjachten. Dat hiest yn de Clifden Bay folle minder.

Se fûn Snits in aardich stedsje, mei in gesellich sintrum. En fansels wie dêr dy nijsgjirrige wetterpoarte. En hjir wie in soad wetter om har hinne, dat har tige bot oanspruts. Dat hie yn Soest oars west. No ja, de Loosdrechtse Plassen en de Iselmar. Mar dat wie dochs fier út 'e buert.

Links fan har stie de stripe mei in tizeboel oan strûken en hingjende beammen, brykwoeksen en teistere troch de wyn. Dêrefter, yn 'e fierte, lei Terherne, dêr't je allinnich fia in boatsje komme kinne. Efkes fierderop wie noch in stikje fytspaad, dêr't de dyk ophâldt. No ja, wat hjitte 'dyk'? It lêste part bestie út tsjininoaroan leine betonplaten. It die har tinken oan de Lower Skyroad, by har âlderlik hûs lâns, dêr't har heit noch altyd wenne, allinne, yn dat grutte hûs, mei útsjoch op de rûchte. En mei it skaakspul yn 'e hoeke fan 'e keamer.

Se geniete, lykas altyd, fan it útsjoch oer de mar. Yn 'e fierte

wiene noch in pear sylboaten te sjen. Op it dykje njonken har wie hiel yn 'e fierte in iensume kuierder te sjen.

'Ik wenje oan 'e wei nei de iensumheid,' hie Bouwe oait ris sein. It mocht sa wêze, mar simmers wie it hjir in paradys.

Ien fraach spûke har de lêste moannen geregeld troch de holle: wêrom wie it misgien mei Bouwe? Hie it oan har lein? Hie er mear fan har ferwachte? Se wist fansels wat der bard wie. Dat Bouwe destiids troud wie mei Antsje yn 1970, nei't se miende. Nei trjettjin jier wie Antsje ynienen út Bouwes' libben ferdwûn, gewoan fuortrûn. Bern wiene der net kommen. Hiene se spul krigen? Hie der in oar west? Se wist het net. Wol hie se fia-fia fernommen dat Antsje letter in freon hân hawwe soe. Want no twa jier lyn wie Antsje oan in sykte stoarn en hie de namme 'Klaas' yn de advertinsje stien. Bouwe hie alhiel oerstjoer west. Flokkend en tjirgjend hie er roppen: 'Dea, kroandea! Dat hat se der no fan!' Twa dagen lang hie er hast gjin wurd sein. Se hie besocht him te treasten, dat mar foar in part slagge wie.

Letter hie der dy rotstreek op 'e werf west. Kollega's hiene Bouwe yn in soarte fan stielen koai stoppe en dy fêst laske. Sabeare om't er wegere om net mear te pypkjen ûnder it wurk. Syn kollega's fûnen it stjonken. Bouwe wie doe al gjin ôfdielingssjef mear. Hy wie 'nei ûnderen promovearre' ta meiwurkjend foarman, sa't er it sels mei wrevel yn syn stim ferwurde. Hy hie wol in healoere opsletten sitten. It wie in hiele rel wurden en de sjef hie de oanstichters fan it idee in útbrander jûn. Mar dêr wie it dan ek by bleaun. Bouwe wie mear begûn te pypkjen as ea tefoaren. 'Dwerse Bouwe' waard er altyd al neamd...

Maud seach oer it hast rimpelleaze wetter fan de Snitsermar. Der luts in lichte dize oerhinne. Ferstoarn. Ja, Antsje wie

stoarn, lykas har mem. Och, wat hie se dêr wat tsjinoan skytskoarre doe't dy ferstoarn wie: der hinne of net. Se wenne doe noch by har tante Alida en omke Bram, yn Soest. Tante Alida, de skoansuster fan omke Ryan, hie har oerhelle om tegearre nei Clifden te reizgjen. Sân jier earder hie se in hiele koarte besite oan Dublin brocht doe't har suster Maureen troude mei Kylian. Doe wie se allinne gien. Dêrfoar hie se har plechtich foarnommen om nea wer in stap op Ierske boaiem te setten. Mar se hie it Maureen net oandwaan wollen om net te kommen. It wersjen hie tige emosjoneel west. Mar wat in prachtich breidsje hie har suster west dy dei.

De twadde besite, nei oanlieding fan har mem har ferstjerren, wie har oan 'e iene kant tafallen. It meast hie se te dwaan mei har heit. Wat wie er âld wurden. Snokkend wie se him yn 'e earms fallen.

'Goed datst der bist,' hie er wol trije kear sein. En se hie sjoen dat de triennen him oer de wangen rûnen. Fansels hie der de pine west, it oantinken oan wat se yn de rin fan har libben 'de tsjustere tiid' neamd hie. Om it in plak te jaan? Ek Maureen hie dy meimakke. Mar dochs oars...

De dea fan har mem hie har eins kâld litten, lykas de mis ta gelegenheid fan de begraffenis. Ienris in leave mem, mar sûnt 'doe' net mear. Nea wer.

It hiele gedoch yn 'e tsjerke hie har op 'e senuwen wurke. Dit hie se nea wer hearre wollen. Stalde skiednis, fûn se. Bouwe wie protestant. 'No ja, frijsinnich,' sei er dêroer. 'Mar ik gean wol nei tsjerke.' Ut en troch wie se mei him meigien. Bouwe hie dat moai fûn. Dûmny koe moai preekje, tocht har.

Ien kear wie it oer Ruth gien, in frou yn de Bibel dy't , tegearre mei ien fan har skoandochters, wer nei har heitelân

weromkaam. Se wie folslein oerstjoer rekke en Bouwe wie mei har de tsjerke útrûn. Se hie in soad gûld en hie mar min del te bêdzjen west. Mar se hie neat loslitten, doe net en letter ek net.

Tante Alida wie ek protestant, lykas har sweager, omke Ryan. It wie de âldere broer fan har heit. Beide hiene se in hoekich gesicht, beide hâlden se fan it skaakspul. Omke Ryan hie moaie brune eagen en it wie in dreaun en entûsjaste man. Fansels hie dy der ek west, dêr yn Clifden, tegearre mei tante Elisabeth. Leave minsken.

Maud fage mei in papieren bûsdoekje de triennen út har eagen by de oantinkens oan har jeugd dy't boppe kaam wiene. Hoe lokkich se west hie, tegearre mei har twillingsuske Maureen. En se tocht oan de ferpleechstersoplieding yn Galway, mei dêrop folgjend har earste baantsje yn it Clifden Hospital. Allegearre foarôfgeand oan 'de tsjustere tiid.'

Fia omke Ryan en tante Elisabeth wie se by tante Alida en omke Bram telâne kommen. Hoewol't Alida gjin tante fan har wie om't se de suster wie fan tante Elisabeth, wie se har dochs sa neamen gien. It hie in goede tiid west en se hie Nederlânsk leard.

En doe wie se nei Fryslân reizge om't se yn Snits promoasje meitsje koe. It sikehûs wie wat lytser as dat yn Soest en hie dúdlik in streekfunksje. De earste perioade wie har net tafallen. Mar de sfear hie daliks goed oanfield en se waard hertlik troch de kollega-ferpleechkundigen ûntfongen.

Binnen it sikehûs waard der troch de kollega's wol in soad Frysk praat, wat se fansels net behearske. Doe noch net. Soene Ingelsen krekt sa tsjin it Gaelysk oansjen, sa't dat yn har eigen streek sprutsen waard? Se koe har der noch altyd skoan yn útdrukke. Mar miskien gie dy ferliking wol mank. Sûnt sawat in jier wie der in nije longdokter oan it wurk,



dokter Flynn. Oft it no kommen wie troch har Ierske aksint of dat it suver troch de namme kaam, wist se net, mar doe't se har destiids foarsteld hie as 'Maud,' hie er spontaan reagearre mei de wurden: 'Klinkt Iers!'

'Kloppet,' hie se laitsjend antwurde. Hy kaam sels út Ingelân, mar syn âlden wiene Iersk. Gaelysk spruts er in hiel lyts bytsje, mar Ingelsk fansels nammerste better. Hy hie ferteld dat er in soan hie en mei syn gesin nei Nederlân ferhuze wie, 'om in nij begjin te meitsjen' sa't er it útdrukt hie.

De sinne gie no stadich ûnder, wat in prachtich gesicht joech. Hjir, yn Fryslân, hie se Bouwe troffen. Noch altyd heugde se har Bouwes' opname yn it Sint Anthonius sikehûs op de ôfdieling kardiology dêr't se doe wurke. Hy hie der twa dagen lein ta observaasje, yn ferbân mei hartritmesteurings. It wie in man fan middelbere lingte. Yn syn opnamedossier hie se lêzen dat er ien meter fjouwerensantich wie en berne op 15 juny njoggentjinsânenfjirtich. Hy hie krollich hier, frij hoekige kaken en in freonlik gesicht mei helderblauwe eagen, dy't meastentiids op wille út liken te wêzen. Hy hie grapkes makke oer syn hertproblemen.

'Ik ha der wol faker lêst fan hân,' sei er. 'It is it "takotsudo-syndroom". Se hie him freegjend oansjoen.

'Noait fan heard?'

'Om jo de wierheid te sizzen: nee.'

'No, en do wurkest noch wol op de kardio-ôfdieling,' hie er laitsjend antwurde. 'Se neame it ek wol in brutsen hert trauma.' 'Is jo hert dan brutsen?' Har gesicht drukte sawol earnst as fernuvering út.

'Nee, nee, no ja, lang lyn. Mar as ik no stress trochmeitsje, stekt it bytiden de kop wer op.' Hy hie har efkes bewûnderjend besjoen en sein: 'Mar no't ik dy sjoch, giet it al wer in stik better.'

‘Gelokkich mar,’ hie Maud antwurde. Dêrnei wiene se in pear kear mei-inoar yn petear rekke. Se hie him fuort wol aardich fûn. Letter wie se him yn in technyske saak yn Snits tsjin it liif rûn. Sy foar in skimerlampke en hy foar wat technysk spul. Hy hie har spontaan útnûge om tegearre kofje te drinken. Wer letter wiene der itentsjes folge. En hoewol’t Bouwe tolve jier âlder wie as sy, hie ’t it begjin west fan in ferheftige leafdesrelaasje. Uteinlik hie se de hier fan har flatsje opsein en wie se by him ynlutsen. Stadichoan hie se har it Frysk eigen makke. En de earste twa jier hiene fantastysk west.

En no? No woe se fuort, tegearre mei Sjoerd! Se hold it gewoan net mear út, de benaude sfear yn ’e hûs, de rúzjes, syn haatlke opmerkingen en drankgebrûk, har geheime moetings mei Sjoerd. Se soe radikaal brekke moatte.

Se betocht har dat se wer by it begjin fan har prakkesaasjes bedarre wie. En dêrmei ek by de fraach wêrom’t it misgien wie mei harren. Wie it Bouwe syn winsk om heit te wurden, eat dat by Antsje net slagge wie, om watfoar reden dan ek? Hie er yn har de mem sjoen fan syn bern? Se hiene it der yn de trije jier dat se tegearre wiene, nea eksplisyt oer hân. Mar se hie fan har kant wol witte litten dêr noch mei wachtsje te wollen. En it wie no fansels hielendal net mear oan ’e oarder. Nee, se soe yn ’e heine takomst drege stappen nimme moatte. Tegearre mei Sjoerd. In waarm gefoel trochstreamde har. Gelokkich wie er op har paad kommen. Yn tinzen seach se syn donkere, brune eagen foar har.

Om’t de piano, dêr’t Antsje op spile hie, yn de grutte wenkeamer stean bleaun wie, hie se besletten les te nimmen. Ien fan har wurk hie har Sjoerd Hoekstra oanbefelle. Hy wie muzyklearaar en joech ek les oan hûs. Hy wie in jier as fjouwer lyn skieden. En sa wie it kommen. Sa wie harren

relaasje begûn. Fan it hoeden korrizjearjen fan har fingers ôf, ta de leave wurden en it strieljende oanreitsjen dat se hieltyd faker talitten hie. Sis mar fan pianospyljen nei leafdesperikels, oant opwinende frijpartijen ta. Och...

Der tûmelen in soad tinzen en oantinkens troch Mauds' holle. Faach hearde se dat Bouwe it wurk ôfmakke yn 'e skuorre. Hy soe daliks wol yn 'e hûs gean. De jûnsskimer joech in hast mystike glâns oer de mar. O, wat koe se dêrfan genietsje. Hoe't it ek komme soe, in plak as dit krige se nea wer. No ja, miskien yn Ierlân. Mar dat haadstik hie se ôfsletten.

Efkes letter gie se ek yn 'e hûs. It waard no frisser. Se rûkte de swiet prikeljende rook fan Bouwes' pyptabak. Earder hiene se ôfpraat dat er binnendoar net smoke soe. Dêr hie er him oant no ta oan hâlden.

Bouwe hie de telefyzje oanset en siet stoïsynsk nei ien of oar programma te sjen. Hy hie krekt syn earste romerke folskonken.

Wie it Sjoerd mar dy't dêr siet, skeat it troch har hinne.

### Augustus 1997

Mocht Maud noch twivele hawwe om Bouwe te ferlitten, dan soe dy twivel yn de dagen dy't folgen foargoed ferdwine. Bouwe wie dwers, net foar reden fetber, om it minste of om oars wat lilk, dêr't er har by ôfsnaude en dan wer oerenlang swijde. Hy wie foar de meast elemintêre saken lykas iten en sliepen yn 'e hûs, mar sleat him foar de rest op yn syn 'wurkpleats', allinne yn it selskip fan syn piip. En de jûns kaam de drankflesse op 'e tafel.

Maud frege har ôf hoe't er it folhold om dochs alle moarnen healwei sânen fan 't bêd te gean, him te skearen en te waskjen en dan yn de auto nei syn wurk yn Terherne te riden. Ferline jier wie er nochris in pear kear mei syn boatsje gien, fia de Hoarne. Mar sûnt it bûtenboardmotorke it definityf bejûn hie, wie dat ôfrûn.

De lêste dagen wie alles ferkeard; oeral hie Bouwe kommentaar op. Op syn opmerkings, faak by it haatlike ôf, swijde se meastal. Soms besocht se him ta reden te bringen, lykas dy kear op 'e jûn dat se piano siet te spyljen doe't er thúskaam fan syn wurk.

Se hie in ferske krigen fan Sjoerd, mei de titel *The last rose of summer*. It wie har bekend om't it fan Ierske orizjine wie, fan de dichter Thomas Moore. Se hie it destiids wol songen, yn de klasse, tegearre mei de oare klassegenoatsjes fan de basisskoalle. Doe wie it gewoan in aardich ferske en de tekst hiene se mei oerjefte songen, sûnder dêr fierdere gefoelens by te hawwen. No waard se rekke troch de tekst, benammen troch it tredde kûplet: